



# **WAT IN KOMEEEDZJE**

**(Alles nur theater)**

**In komeedzje fan**

**ERICH KOCH**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**Nederlânske tekst fan**

**Carl Slotboom**

**Nederlânske titel**

**Wat een komedie**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**  
**Tel: 072 - 5 11 24 07**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**  
**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **WAT IN KOMEEDZJE – ALLES NUR THEATER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ERICH KOCH** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSONEN:**

ALFONS - boer en loko-boargemaster, sawat 50 jier

AGNES - syn frou, sawat 45 jier

EVA - dochter fan Alfons en Agnes, punker, sawat 25 jier

HILDE GANZEWINDEL - suster fan Agnes, sawat 50 jier

HANS GROOTHUIZEN - studint, sawat 20 – 25 jier

HEIN BOONSTRA - boer en freon fan Alfons, sawat 50 jier

FRANS - hanneler yn foddien en âldizer, sawat 40 jier

FRANCISCA - húshâldster by pastoar, sawat 40 jier

## **DEKOR:**

Grutte wenkeamer mei iepen hurd. Rjochts in tafel mei fjouwer stuollen en links in bank mei in bysettafeltsje.

Links in doar nei de sliepkeamer. Yn de achterwand in doar nei de keuken en rjochts in doar nei de hal en de oare fertrekken.

Fierder in grutte kast dêr't in persoan yn passe moat. Dy persoan moat der oan de achterkant fan de kast wer út kinne. Fierder in klok en in kassetterecorder.

## **TIID:**

Hjoed.

## EARSTE BEDRIUW

### EARSTE SÊNE

*(Alfons, Agnes, Hilde)*

*(at it doek opgiet sit Hilde by de iepen hurd te breidzjen. Se hat it hier byelkoar bûn achter op de holle, se hat wollen sokken oan en in âlderwetsk bloeske. Dêr oerhinne in skelk en se hat plompe skuon oan. De klok stiet op healwei tolven)*

**AGNES:** *(komt út de keuken, hat in skelk foar en is ergere)* It is healwei tolven. Leit dy sûplap noch noch altyd op bêd?

**HILDE:** *(sûnder op te sjen, teatraal)* Ik bin dyn suster, net de oppasser fan dyn oare helte.

**AGNES:** Wat is dat no foar praat? Ik sil earst hout helje en dan sil ik dy sûplap fan 't bêd reagje. *(ôf)*

**HILDE:** O jee, o jee, o jee...

**ALFONS:** *(komt út de sliepkeamer mei de pyama oan, de pispot yn de hân. Hy sjocht Hilde net)* Oh.... dy kop! *(hân foar de eagen)* Ik sjoch gjin donder. Neffens my is dat lêste glês bier justerjûn ferkeard fallen. Hoe let is 't eins?

**HILDE:** Healwei tolven west.

**ALFONS:** *(skrikt, sjocht Hilde)* Wat krije we no? Bist no hielendal krankjoarum om hjir as in soarte fan geastferskining de minsken oan 't skrikken te meitsjen? Hast neat betteres te dwaan?

**HILDE:** Dat moatsto noadich sizze. Wachtsje mar oant Agnes der wer is.

**ALFONS:** Raas net sa asjebleaf. Ik ha pinekop.

**HILDE:** Moatst mar net sa sûpe! Manlju, bah!!

**ALFONS:** Stel dy net oan. Do soest mar wat bliid wêze atst einlikst es in fint oan de heak slaan koest. *(tsjin it publyk)* Mar ja, wa wol sa'n rustige spiker no ha?

**HILDE:** In fint? Ja, dêr sit ik no krekt op te wachtsjen. Seker sa'n ien as do... in bierkraan op twa fuotten.

**ALFONS:** Hear har! Sjoch har dêr no es sitten mei in gesicht dêr't elke man bang fan wurdt. Sjoch es hoe'tst der útsjochst mins. Neffens my hast dy fanmoarn ek net skeard.

**HILDE:** Ik bin kreas genôch. Wiere skientme sit fan binnen.

**ALFONS:** Ja, it komt by dy allinnich sa rottich nei bûten.

**HILDE:** Lit my doch gewurde man.

**ALFONS:** *(docht de doar iepen)* Wêr is myn alderleafste froutsje? Ik ha har al in hiel skoft net skellen heard. *(hy smyt de pôt leech troch de doar, krekt op it stuit dat Agnes deryn komme sil mei in steapel hout. Se jout in gjalp en lit it hout falle. In pear stikken fallen op de foet fan Alfons. Dy hinkelt troch de keamer)* Au, au, au...!

**AGNES:** Bisto net goed by de holle?!

**HILDE:** O jee, o jee, o jee...

**ALFONS:** *(hinkelt noch)* Ik koe doch net witte datsto der krekt yn kaamst? Kinst tenei net oanklopje?

**AGNES:** *(faget mei de punt fan de skelk oer it wiete gesicht)* Oanklopje??? By myn eigen hûs?

**ALFONS:** Ik hie dy net sjoen en boppedat hast noch gelok hân. *(hy docht it hout dat fallen is yn de pot en set dy by de iepen hurd)*

**AGNES:** Hoesa ha ik gelok hân?

**ALFONS:** Omdat it allinne wetter wie.

**AGNES:** Neffens my bisto noch besopen. En wêrom komst der no krekt ôf? Witst wol hoe let at it is?

**HILDE:** Healwei tolven west.

**ALFONS:** Ik kin sels kloklêze. *(tsjin Agnes)* We hiene justerjûn in wichtige riedsfergadering, dêrom is it wat letter wurden.

**AGNES:** Ja, dy fergaderingen ken ik. Do hast gewoan sitten te sûpen en te klaverjassen. Ik kear elke euro om en do bringst elke euro nei de kroech. Sa kin it net langer. Fan ôf no is it gebeurd mei alle jûnen nei de kroech.

**HILDE:** O jee, o jee, o jee...

**ALFONS:** Do wurkest my op de senuwen mei dyn ivige o jee, o jee, o jee... *(tsjin Agnes)* It wie in lange fergadering.

**AGNES:** Ja, ja... en hoe komt it dan datsto, ik wit net hoe let, besopen thús kaamst?

**HILDE:** Healwei fjouweren.

**AGNES:** Bemuoial! Jim froulju begripe dat net, dat neame se polityk. De gemeenterie hat fiergeande besluten nommen foar ús doarp. Jim sille noch fersteld stean.

**AGNES:** Fersteld stean? Jim sille wol besluten ha dat de kroech jûns langer iepen bliuwt.

**ALFONS:** Nee, dat net, hoewol't it wol in goed idee is. Nee, we dogge mei oan de wedstriid: 'Us doarp moat moaier wurde!' *(hy sjocht nei Hilde)*

**HILDE:** Moatst my dêrby oansjen?

**AGNES:** Lit my net laitsje. Jim sykje gewoan in reden om nei de kroech te kinnen.

**ALFONS:** Fierder sille we oandacht jaan oan de kultuer en sil der dit jier by it doarpsfeest in toanielstik opfierd wurde.

**AGNES:** No dan soe ik wol es witte wolle wa't op dat idioate idee kommen is.

**AGNES:** Ik! De loko-boargemaster en wethâlder fan kultuer.

**HILDE:** Dan ha ik wol in titel foar dat stik: de besopen boer.

**ALFONS:** *(sarkastysk)* Nee, we spylje it stik: in nacht fol horror. *(tsjin Hilde)* En do krijst de haadrol, Eukalypta!

**HILDE:** Ik bin alhiel fereare.

**ALFONS:** Grapke. We spylje 'Belle en it Bist!' *(teatraal)* Ik ha de haadrol en ik doch de rezjy.

**AGNES:** Pardon?

**HILDE:** O jee, o jee, o jee...

**ALFONS:** Ja, dêr stean jim fan te sjen hin? De boargemaster sei dat soks krekt wat foar my is. Ik sjoch der goed út, ik bin yntelligint...

**HILDE:** Ik laitsje my stikken.

**ALFONS:** Stomme ko. Jim sille noch wat beleve! Jim sille jim de eagen útsjen... kultuerbarbaren. *(strompelt nei de sliepkeamer)*

**HILDE:** O jee, o jee, o jee...

**AGNES:** Mins hâld op mei dat ge-o jee! Helje leaver it iten op, dan kin ik myn gesicht waskje! *(ôf)*

**HILDE:** *(wylst se nei de keuken giet)* O jee, o jee, o jee... *(nei in pear tellen komt se werom mei in panne fol boerekoal mei woarst, dy set se op tafel en giet sitten)*

**AGNES:** *(op)* Belle en it Bist. ik laitsje my stikken. Sels foar it Bist is hy noch te lilik.

## EARSTE BEDRIUW

### TWADDE SÊNE

*(Alfons, Agnes, Hilde, Eva)*

**EVA:** *(op, mei in kapsel yn ferskillende kleuren en opfallend lakte neilen en se is opfallend opmakke. Se hat spikerklean oan mei gatten deryn)* Hello people.

**AGNES:** Dat waard tiid, Eva, we soene krekt ite.

**EVA:** *(sjocht yn de panne)* At ik dat witten hie wie ik nei de McDonalds gongen.

**ALFONS:** *(op, is oanklaaid)* Salang atsto de fuotten ûnder myn tafel stekst, silst ite wat de pot skaft.

**EVA:** Ja, ja... En jonges boartsje mei auto's en famkes boartsje mei poppen.

**AGNES:** Ja, en at dy jonges âlde mantsjes wurden binne, boartsje se ek mei poppen. Hoewol't se dat noait leard ha.

**EVA:** Hoesa? (*tsjin Agnes wylst se nei Alfons sjocht*) Is syn auto stikken?

**AGNES:** Ja, hy sit fol dûken en de startmotor hapert.

**ALFONS:** Sa kin 't wol wer. Sjoch leaver hoe't dyn dochter der by rint.

**EVA:** Hoe dan?

**ALFONS:** As soe se in... in eh... no ja, do witst wol wat wêze.

**AGNES:** Alfons!

**ALFONS:** It is de wierheid! Ik skamje my foar myn eigen dochter. In fûgelferskrikker hat mear sjarme.

**AGNES:** Ja, sa it wol genôch! De jonges en famkes fan har leeftiid rinne der allegear sa by hjoed-de-dei.

**ALFONS:** It wurdt tiid datst troust en op dysels wennest.

**EVA:** Salang at de mannen der útsjogge sa't se der útsjogge, sil dat noch wol even op 'm wachtsje litte.

**ALFONS:** Gatten yn de broek en it hier fan in Baviaan. Do koest better yn de dieretún wenje.

**AGNES:** Hâld op asjebleaft. It is hjir alle dagen itselde ûnder iten.

**ALFONS:** Ik krij sa stadichoan gjin hap mear troch te strôt.

**AGNES:** Tink der mar om datst net stikst, oars giet dat hiele toanielstik net troch.

**EVA:** Toanielstik?

**AGNES:** Jim heit en in pear oare wurkskouwe alkoholisten sille in toanielstik opfiere.

**EVA:** In toanielstik? Wauw! Cool man. Hoe hjit dat stik?

**HILDE:** Belle en it Bist, in drama mei in soad trammelant.

**EVA:** Te gek! Ik soe Belle spylje kinne.

**ALFONS:** Gjine sprake fan! As regisseur sykje ik de spilers sels út. Dy moatte yntelligint wêze en der normaal útsjen.

**HILDE:** Spitich datst dan sels ek net meidwaan kinst.

**EVA:** Kom op heit, lit my Belle spylje.

**ALFONS:** Nee, gjin tinken oan. Ik spylje it Bist en ik ha in ferhâlding mei Belle. Do tinkst doch net dat ik soks mei myn eigen dochter spylje wol? Ik wol der sels ek wat wille oan beleve.

**AGNES:** Do wolst wat?

**HILDE:** O jee, o jee, o jee...

**ALFONS:** Oan eh... oan de ferhâlding bedoel ik.... Ik bedoel, fansels yn it stik. De ferhâlding yn it stik... suver platoanysk dus.



**AGNES:** Ja, ja... platoanysk, dat ken ik. Sa begjinne de measte swangerskippen. Wa spilet Belle eins? Dy sil ik dan wol es even suver platoanysk de wierheid sizze.

**ALFONS:** Dat is noch net bekend. Moarntejûn sykje ik de spilers út, mei help fan de minsken fan kultuer.

**EVA:** En wa binne de minsken fan kultuer dan wol?

**ALFONS:** *(wifeljend)* No ja... Hein Boonstra en ik.

**HILDE:** *(skikt it hier)* Oh... Hein eh.... Hein komt hjir?

**ALFONS:** Even mei beide fuotsjes op de grûn bliuwe leave skoansuster. Sa, en no soe ik dan einlings wol ite wolle.

## EARSTE BEDRIUW

### TREDDE SÊNE

*(Alfons, Agnes, Hilde, Eva, Frans)*

*(de doar giet iepen. Yn de doar stiet in man yn wurkklean. Hy hat in hoed op en in reade sjaal om)*

**FRANS:** Fodden, âldizer of âldpapier? Ik ruilje it foar moai servysguod. *(pakt de klok en set dy op tafel)* En, lekker ding, wat tinkst hjir fan?

**HILDE:** Miskien.

**ALFONS:** Foar seis djippe boarden meist 'm meinimme.

**AGNES:** Nee, wy ha hjoed neat yn de oanbieding.

**FRANS:** Sjoch even at je wolle, soms lizze der ergens yn in hoekje noch wol wat fodden.

**ALFONS:** Nee hear, dy sitte by ús gewoan oan tafel.

**AGNES:** Sa kin it wol wer Alfons. *(tsjin Frans)* Der is hjoed neat.

**FRANS:** Dat is spitich.

**ALFONS:** Myn lêste bod: trije djippe boarden.

**AGNES:** *(triuwt Frans nei de doar)* Oare kear better. Oant sjen.

**FRANS:** *(tilt de hoed op)* Gjin probleem lekker ding. *(wylst er fuortgiet)* Ik keapje âldizer, blik en froulju. De lilkers ferkeapje ik deselde deis noch wer. *(ôf)*

**HILDE:** Wat in keurige man en sokke goede manieren.

**ALFONS:** Wêrom giest der net achteroan?

**HILDE:** Ik flean de earste de bêste man net om de hals.

**ALFONS:** Miskien is dat dyn ienige kâns wol.

**AGNES:** Lit Hilde doch gewurde. Sy fynt hjoed of moarn wier wol in geskikte man.

**EVA:** Mannen binne folslein oerstallich tsjintwurdich. At je it goed besjogge is it in útstjerrend ras. Yn de takomst hoege we se net iens mear te brûken foar de fuortplanting. Meikoarten klone se alles.

**HILDE:** O jee, o jee, o jee...

**ALFONS:** *(mei in stik woarst oan de foarke)* Moatte wy ûnder iten oer de fuortplanting en klonen prate? It bedjert myn ytlust. *(yt de woarst op. Der wurdt kloppe)*

## EARSTE BEDRIUW

### FJIRDE SÊNE

*(Hilde, Agnes, Eva, Alfons, Hein)*

**HEIN:** *(op, wurkklean en mûtse. De broek is te koart)* Goeie middei mei elkoar. Ik sjoch dat ik krekt op tiid bin. Wat sjaft de pot?

**AGNES:** Kloonde boerekoal en fuortplante woarst.

**HEIN:** Wat?!

**AGNES:** Boerekoal mei woarst, mar ik gean der fan út datsto al iten hast.

**HEIN:** Sûnt ik widner bin meitsje ik amper iten foar mysels. It lytse bytsje dat ik yt, dat drink ik.

**HILDE:** *(skikt it hier)* Yn elke húshâlding heart in frou. In frou dy't lekker itensiede kin en de baas is oer it húshâlden.

**HEIN:** Nee asjebleaf net. Fan in frou hast allinne mar mear wurk.

**HILDE:** *(mei lichte klam)* No ja, der is noch wat oars ek dêr't in man in frou by brûke moat.

**HEIN:** Jo bedoele foar de kâlde fuotten? No, dan kin ik jo gerêststelle... ik ha in krûk kocht.

**ALFONS:** Do hast grut gelyk.

**HEIN:** Hast trouwens al in spiler foar de rol fan Belle? *(Hilde en Agnes romje de tafel ôf)*

**EVA:** Dy rol sil ik spylje.

**ALFONS:** Ik ha dy al sein datst dat ferjitte kinst. Boppedat is it in luchtich toanielstik en gjin grizelfilm.

**HEIN:** *(bûcht oer nei Alfons)* It is doch de bedoeling dat wy moarntejûn in pear prachtige famkes besjogge?

**ALFONS:** Pssst! Neat ferriede, it is allegear noch geheim. Top-secret! *(sekreet?)*

**HILDE:** Hast it tsjin my?

**AGNES:** Wa krijt de rol fan Belle?

**ALFONS:** Gjinien. De rolferdieling wurdt makke neffens suver kultureel etyske prinsipes.

**HILDE:** (*sarkastysk*) Ja, ja... ik hie al sa'n fermoeden.

**HEIN:** Fertrou no mar op ús.

**HILDE:** (*laket (mei in soad ferwachting) nei Hein*) Ja, dy fertrou ik wol, do bist in hear. Mar him (*sjocht nei Alfons*) fertrou ik allinnich at ik him sjoch. At dy in rok sjocht...

**ALFONS:** Ja sis, wat krije we no? Moat ik my dat yn myn eigen hûs allegear mar sizze litte?! Soargje leaver dat dy tafel ôfromme wurdt. En it hea moat ek noch ynhelle wurde.

**AGNES:** Atsto wat earder fan 't bêd kommen wiest hie dat hea al lang binnen west. Do helpst ús mar moai.

**ALFONS:** Ik kom daliks. Ik moat earst noch wat beprate mei Hein.

**AGNES:** Ja, dat ken ik. Do wolst dy der wer foar weiwine.

**ALFONS:** Nee, ik kom der oan. Sa, en no derút asjebleaf!

**AGNES:** Atst der mei in healoere net bist, komst yn de kunde mei in echt bist! (*tsjin Hilde en Eva*) Kom, we gean.

**EVA:** It is dien mei de hearskippij fan de lange ûnderbroek. Sels Viagra sil jim net mear helpe. (*ôf*)

**HILDE:** Manlju! Klappriners binne 't! (*ôf*)

**AGNES:** (*sjocht Alfons en Hein oan*) Nee, sels Viagra helpt hjir net mear. (*ôf*)

## EARSTE BEDRIUW

### FIIFDE SÊNE

(*Alfons, Hein*)

**HEIN:** Wat bedoelde se no mei dy Viagra?

**ALFONS:** Gjin idee, mar dat is ek net belangryk. Ik moat wat belangryks mei dy beprate.

**HEIN:** Oer myn rol yn it toanielstik?

**ALFONS:** Rol? Watfoar rol? Do spilest hielendal net mei.

**HEIN:** Ik soe bygelyks goed de rol fan de dichter spylje kinne. Do witst dat ik gedichten meitsje.

**ALFONS:** (*suchtet*) Ja, dat wit ik.

**HEIN:** Ik meitsje faak gedichten foar minsken hjir yn it doarp.

**ALFONS:** Do dochst wat? Foar wa en oer wat makkesto gedichten dan?

**HEIN:** O, fan alles en noch wat. At der ien trout bygelyks, of at der in berntsje geboaren wurdt, at se fiif en tweintich jier trouw binne, of

se gean by elkoar wei.

**ALFONS:** Minsken dy't by elkoar wei gean? Dan wie dat gedicht yn de doarpskrante oer Arnold en Irma dus fan dy?

**HEIN:** Yes! (*hy draacht foar*)

Arnold is in fijne fint

Yn de kroech is hy goed bekend

Die noait wat in trouw man heart te dwaan

No sliept syn frou by buorman Daan

**ALFONS:** Hiel goed. En ik hearde datst foar de geboarte fan Loadewyk syn soan ek in gedicht makke hast.

**HEIN:** Ja, mar ik leau dat ik dêrmei in bytsje te fier gongen bin. Nei dat it gedicht yn de doarpskrante stien hie, wachte Loadewyk my op in jûn op en hat my yn de jarrekolk smiten.

**ALFONS:** Och... Fan dêr dy frjemde lucht.

**HEIN:** De klean binne der sels fan krompen.

**ALFONS:** Watfoar gedicht hiest dan makke, ik ha 't net lêzen.

**HEIN:**

It langstme nei bern wie net te stjelpen

Mar in protte bidde blykte net te helpen

Doe't Loadewyk om in boadskip wie

Waard se swanger fan buorman syn sied

**ALFONS:** Geweldich, en dat sjit dy dan samar yn 't sin?

**HEIN:** Nee, mar nei in pear glêzen bier slagget it meastal wol. Moatst hearre wat ik foar de boargemaster syn fiif en tweintich jierrich trouwen skreaun ha:

Fyftich jier dielden se leaf en leed

De jierren fleagen foarby as in skeet

Jo sille sa'n wiif as dat kring mar ha

Want sy beslist alles en hy jout mar ta

**ALFONS:** (*laket*) Ha, ha, ha, ha... Ik sjoch dy noch wol es yn de jarrekolk bedarjen.

**HEIN:** In keunstner moat no ien kear lije. Dy doarpsidioaten begripe neat fan hegere keunst. Foaral Francisca, de húshâldster fan de pastoar. Mar foar dy trut ha ik al in prachtich gedicht makke foar op de roukaart.

**ALFONS:** Roukaart? Mar se leeft ommers noch.

**HEIN:** Noch wol, mar at se ien kear mei de teannen omheech leit, kin se mar útsjen nei in bysûnder moai gedicht.

Ik tsjinne de Heare oant de lêste dei

De manlju rûnen myn doarke foarby

De kearen dat ik foel foar 't manlik geslacht

Hie menear pastoar in geweldige nacht

**ALFONS:** Goede groatsje sis, at menear pastoar dat lêst hat syn lêste oere slein. Mar eh... no even ûnder ús. Ik moat wat belangryks mei dy beprate.

**HEIN:** Wat hast no wer útfretten?

**ALFONS:** Hielendal neat. Operaasje nûmer ien: o jee moat ferdwine foardat ik hielendal gek wurd. (*hy hellet twa fleskes bier, twa glêzen en skinkt yn*)

**HEIN:** Wa moat der ferdwine?


**ALFONS:** O jee, o jee, o jee!

**HEIN:** Och, do bedoelst Hilde. Hoe wolst dy ferdwine litte dan?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**